

Oan de leden fan de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân
Postbus 1
9100 AA Dokkum

Us merkteken: 2025-078936
Behannele troch: Koen Esselink
E-mailadres: k.esselink@noardeast-fryslan.nl
Datum: 27 maaie 2025
Taheaksels:

Underwerp: Wachttiden foar it krijen fan in sosjale hierwenning

Achte ried,

Op 24 maart 2025 hat de heer A. Buwalda fan fraksje FNP, op grûn fan artikel 52 Reglement fan Orde skriftlike fragen, oer Wachttiden foar it krijen fan in sosjale hierwenning stelt. Yn dizze brief jouwe wy antwurd op dy fragen.

Fraach 1: Hoefolle sosjale hierwennings binne der troch de aktive wenningkorporaasjes yn ús gemeente yn de jierren 2022, 2023, 2024 ferhierd yn ús gemeente Noardeast-Fryslân?

Antwurd
Sjoch understeande tabel bij fraach 3.

Fraach 2: Hokker diel fan de totale ferhier is gien nei de folgjende doelgroepen: - Maatwurk - Foarrangsregeling? Under urginsje ferstiet Thús Wonen: - Herstruktuerders: hierders mei in hieroerienkomst foar ûnbepaalde tiid dy't in sloopwenning ferlitte moatte en foar wa't it Sosjaal Plan fan krêft is. - Statushâlders: immen dy't in (tydlike) ferbliuwsfergunning krigen hat en dus (tydlik) yn Nederlân bliuwe mei. (Elke gemeente hat in taakstelling foar de húsfêsting fan statushâlders. De wenningkorporaasje húsfestet statushâlders foar harren gemeenten, om't gemeenten sels gjin wenningen ferhiere. Hjir binne ôfspraken oer makke mei de gemeenten.) - Wmo-urginsje: wenningsykjenden kinne foarrang krije op it wenningoanbod as sy troch lichaaamlke sûnens in oanpaste wente nedich hawwe. Dizze urginsjefoarm is allinne oan te freegjen fia it wmo-loket fan de gemeente. Dizze urginsje jildt allinne foar wenningen mei in wmo-label.

Antwurd
Sjoch understeande tabel bij fraach 3.

Fraach 3: Hoe folle wenningen binne oan boppesteande urgensjedoelgroepen tawiesd de leaste jierren (2022,2023 en 2024)

Antwurd

Thús	2022	2023	2024
Totaal aantal verhuringen	300 woningen	280 woningen	248 woningen
<i>Urgenten</i>	27	80	75
- statushouders	13	23	33
- herstructureringsurgenten	13	56	40
- WMO	1	1	2
Maatwerk (huurcontract 3 partijen, tijdelijke contract 3 partijen speciale doelgroep, huurcontract 2 ^e kans, tijdelijk contract speciale doelgroep)	13	19	10
Vorrangsregeling		1 (door calamiteit)	
% toewijzing regulier woningzoekenden (bij benadering)	87%	64%	66%

Wonen Noardwest-Fryslân	2022	2023	2024
Totaal aantal verhuringen	62 woningen	38	40
<i>Urgenten</i>	onbekend	8	6
- Statushouders			3
- herstructureringsurgenten			1
- WMO			2
% toewijzing regulier woningzoekenden (bij benadering)		79%	85%

Fraach 4: Hoefolle prosint / wenningen fan it wenningoanbod bliuwt oer foar de ‘gewoane wenningsykjenden’?

Antwurd

Sjoch de tabel hjirboppe.

Fraach 5. Hoe lang is de wachttiid foar wenningsykjenden op dit momint, 24 maart 2025?

Antwurd

Thús: De gegevens foar 2024-2025 binne noch net bekend. 2022-2023: 32 moannen.

Wonen Noardwest-Fryslân: De wachttiid foar de 25% meast aktive en suksesfolle hûssykjenden yn 2023-2024 foar de huzen fan Wonen Noardwest-Fryslân yn Noardeast-Fryslân wie 44 moannen.

Fraach 6. Wenningkorporaasjes wurkje no mei in x oantal moannen basearre op aktyf sykjenden, wylst der ek minsken wachtsje op in plakje yn harren buert (âlderein dy't bygelyks yn in keapwenning sit, om sa de trochstream op de wenningmerk op gong te bringen). Hoe nimme deorporaasjes dit mei yn harren sifers?

Antwurd

De registraasjeperioade is liedend.

Fraach 7: De Húsfestingswet 2014 hat in bepaling dat 50% fan it wenningoanbod foarbehouden wurde kin oan eigen ynwenners. 7. Bart dit yn de praktyk ek? Sa ja, hoefolle eigen ynwenners hawwe de ôfrûne jierren in wenning oanbean krigen fan de ferskate wenningkorporaasjes? Sa nee, werom krije eigen ynwenners gjin foarrang, wylst dat wetlik wol kin?

Antwurd

Yn 'e praktyk bart dit net. Op 18 jannewaris 2024 hat de ried besletten om gjin ekstra ynstruminten foar dit doel op te nimmen yn 'e wenningferordening útsein de urgentieferordening.

Fraach 8: Yn Dokkum is der grif sprake fan krapte en ferkringing, wurdt ek fêststeld troch it rapport fan Rigo. Fan 26 novimber ôf stean de wenningen fan úsorporaasjes (Thus Wonen, Wonen Noordwest Friesland) op de site frieslandhuurt.nl. Wa bepaalt no wa't foarrang hat op in wenning wat wachttiid oanbelanget en hoe wurdt dat dien?

Antwurd

Deorporaasjes sels. Medyske urginsje wurdt tawiisd op advys fan it gebietsteam, statushâlders mei help fan de taakopdracht.

Yn 2026 sil de urgentieverordening fan kreft wurden. Als tarieding hjirop wurkje wy tegearre my alle Fryske gemeenten en de provinsje. Sa wurdt dúdlik foar ynwenners enorporaasjes wa 't urginsje kryt. Dernjonken sil troch dizze uniforme oanpak tiid spart wurden wetoch de gemeenten enorporaasjes meer enerzjy stutsen kinnen yn it oplossen fan it tekoart oan sosjale hierwenten.

Fraach 9. Wy sjogge dat guon doarpen no in nij soort bewenner oanlûkt, dy't benammen liket te reagearjen op basis fan de lege hierpriis en net op it bewenjen fan in hûs yn dat spesifike doarp. Hoe foarkomme deorporaasjes dizze 'willekeurige' ferhuzings dy't ten koste gean fan bewenners mei in sosjale binning mei it gebiet?

Antwurd

Wenningkorporaasjes kinne dit net foarkomme. Elk hat in frije kar om te wenjen wêr't er wenje wol. De registraasjeperioade is liedend yn it oanbieden fan it hûs.

Fraach 10: Wy sjogge dat de wenningen yn Dokkum bot yn trek binne, der is in soad belangstelling en dêrtroch is de konkurinsje noch grutter wurden foar eigen ynwenners. Kin it kolleezje dat befestigje? Sa ja, wat giet it kolleezje deroan dwaan? De wachttiid rint troch dizze ferhege ynteresse grif op. Wêr it no al 41 moannen is, tinke wy dat dit oprinne sil nei 9-10 jier.

Antwurd

De wenningmerk yn Dokkum is yndie tige populêr, en wy sjogge tanimmende wachttiden. Dêrom set de gemeente him yn foar safolle mooglik nijbou, wêrûnder in soad sosjale hierwenten.

Fraach 11. Is it kolleezje it mei ús iens dat dit folslein ûnakseptabel is? Sa ja, wat binne de aksjes om de wachttiid werom te bringen?

Antwurd

Om tanimmende wachttiden te beheinen, wurdt in brede ynspanning dien om ekstra sosjale húsfesting te meitsjen. Wy dogge dit troch te ynvestearjen yn ekstra wenten yn 'e wenningdeal, mar ek troch subsidydzemooglikheden te brûken om ekstra stimulâns te jaan foar de bou fan betelbere wenten, benammen sosjale wenten. Wy dogge dit net allinnich yn Dokkum, mar yn 'e hiele gemeente.

Heechachtsjend,

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,

H.J.C.M. Verbunt, MBA
Sekretaris

mr. J.G. Kramer
Boargemaster